

syklopysk lânskip

(alle eagen op foar in bihyplik aventûr mei in leech lânskip)

nei de lange boatreis ta it fleis bin ik bij har bilanne
lân lyk in minske wetterich wiðzjend en fol geheimen noch
fé en flinter de winter de baes bifolkje it freðich fjild
en as kabouter op dit hân-skip hear en fiel ik foheard oan

en sjoch it wurdt freonskip foar altyd sa 't de sinne skynt
de dagen lang as fjildtochten bylâns de moun-eier fan it hert
al mar gean fan tiid ta romte en lang om let fan boef ta boarger
langer to lyts foar de roef en toevjend nou tusken teken en tinken

en mei mij waerd myn lân bisteftich úthoud bryk syklopysk
misfoarme ereksje fan libben mei ien huzdsulveren each
boer bulkjend fan foer hingjend yn de homeije fan syn hert
kald as syn klamjende hûd de bollehân boppe myn holle

de kunst fan de donq kréarret frachten fretten en foazjier
in yn oalje âljend mykmakje technyk hellet qers del en fûgels
to blieden leit de sûrstâlre read en de hjitte seit de teller
ta it libben útlaet de soppen fan blommen en goate gassen

de boer moannet de motor de machine it neat-mijend mës
fan de rounqiseljende syklo de sike clown de izeren idioat
de sykloon fan flot-fallende gerzen griene loop fan de sykloop
op'e loop nei libben hwant bréswé slacht er dirze rûge slachter

syn gewelt wurdt woegen mei kij net near bij de hoarnen to fetsjen
de stakker trekker fan dirze agraryske oanloop giet stadich oer
yn it suveloerskot suver en skerp as de hillige konkuzzinsje
each greater as de mage: prakken fûgelqehak foar nékochjend fé

myn romme boat is oan de grout fan myn om'dangelen angelet my
machinael kabaal boalsk gebolde rêd-ratteljend rocheljen
stomme fûgels stomme loft stomme stimmen ear ta ear dôf
sa stean ik each yn each mei dy't my fong en fûl fêsthâldt

syklopyisk lânskip mei asfalt folde groeden en dronken bloed
bigroef in ginneraasje yn haz grout myn maten en gewichten
ôfstjerzing yn de fabrykshal holle mei syn zin 'de bân fan eangst
it leach fan de leagen byt it gefoel lyk bangens de frijheit

ik knyp de knûsten ta ta rêdding út dit hyplik aventûr
en ik flechtsje hingjend ûnder in keppel skiep fan wolkens
lân as in wetterhollich minske efterlitterend likk en flokkend
dan driuw ik mei skrinend fleis fuort om withwer to bilânjers

de rânne fan de metro-poal
(de selkant)

de oaljelampen fan de tourom walmjende nostalgia nei hwat is antyk
fjuzje en ljochtsje noch net genôch yn't gapjende flechtgat
fortline
it boattsjend ljocht fan de berneëagen kaem tommeljend de jietten
de blues fan't boezhiem is radioaktyf retrospektive spjocht

doch dêrom dyn radio net op de deaden biezdigje de deaden
lit de tillevyzje stommeblyn hwant wierheit is net to sjen
omtinken
om it oantinken gefaerlik as de leadstank yn'e strjitten
sûnders en sâltpylôers bij't soad yn de selfservice apteken

fan portwifeling foerôving en sabeare de bearen út'e bosk
sels de commercial fan it bleate ik ken de ynhierde fijân net
bitelje

de rekken fan it stâljen yn de romte fan de tiid to heech
de fleanfoersekering fan de fantastyske flecht is slim ynflatwaer

en oan de heupenta yn de pûnheaven bin'k de libbene allende
yn myn chily lang en smel skuldeasker fan rûpelôers huzde
wurklikheit

dy't ik moetsje op ta stegen krompen paden inkelde in testcase
foar de toarst nei in útkomst de nijste kompjûter ûnbikind

yn 'e bisnijing fan 'e djippte tusken
ljocht en ljocht

de yn soelens formorgen simmerjoun salvet en jout
de stêd de broeiskens fan in fibreatjende bradery
blau as in ûnbidich gread tsjinblêd azemet de loft
it stukadoarre ljocht fan de reafallich útgeande sinne
hjit fersierd troch in beam dêr lokke fan in mansk kantoor
autoos drukke klaksonearjend op leechte harsels en rêst
hweryn't swarte klysters op antennes pûr sang útstjûre
einlings hinget it deistich jok neist iepen doarren
fan koelte útazenzjende wenten en herbergen-mei-terras
stoffearre mei bleat bûnte klean en kleuzige lapen
klanken dy't altomets it bitaeste laitsjen ferwe
sânnich bistrutsen troch it sunich weiëbjend ljocht
it iepen en bleate brea foar it bizich beane each

yn dat ljocht dat de hebréen it twiljocht fan de dou
neamden gleonje ik tusken freondinnen fan de doarpen
dy't mei my dielden it twizjend skynsel fan de dei
felblank lyk de wjerskyn fan dakfinsters fan fiere pleatsen
jin wyttreffend tomjitte sjit middenmank it okeren lân
hwerfan de rook as de pose fan natuerlikheit oan ús is
en ik fortel âlde fiten ienzis swier libben saljend
feroje klisjés op kwits laitsjen oer grappen en hartje
nei anekdoatyske fothalen gien morgen mei 't jonge rea
fan de dea yn rûgens in ûnfoarskillige freon finend
en it brúnwurden pleatst ús foar it neakene feit fan ús
ûntjowing kultus om de meast neakene en deadske wrâld
to iepenbierjen as de suderling sûzjend op ien ear leit

de joun lûkt lyk in koele ôfsjende ober syn bierkleed
oer de lûdûntlûkende stêd dy't de doarren tomûk tadocht
foar it ûntant dat yn de dûnkerste skaden skepen is
de moanne de anarchist ûnder de lantearnepeallen foar-
met fan har liezich ljocht in wiffe rûker foar de dea
nou as in dwers bern efter it libben oarbongeljend en
gelleke gesichten settend yn de spylhoalen en spjegelsealen
fan ús tiidbourne egoos tûgje wy troch de toere romten
fan ús echoos oer waerme tegels nei in feal forttek
hwer't reek forweecht as út fearten lûkende dampen ûnder
de lampen dy't it ljocht iqael oer de tafel forspriede
yn strak kontrast sa 't van gogh it mielde oer in joun-
miel en ek hjiz koppen mei teaten dy't seaten forriede

yn de fiolette nacht sette wy troch de útholle stêd
noch lang net sêdde fan it gesoel dat reserves oansprekt
as waerme oalje troch it rêdwurk fan de tiid streamend
nei in feest fan fjûr tusken de púnfal fan in ôfbrækbuert
yndiaensk biskildere dêkôr efter fan sâlt forwidere sinnen
yn de dûnkerziene wyldernis en pine tillende woastinen
fan leechte zillige stilte folklonken nou fan pink floyd
oanbigjin oerwelle oanstiïd pearring tramtearre triedden
stoned ûnder stones eksoatysk each downs down koarte
ik in stik ik fan stimmen kick sweet swet dyn spear
bal maskê op it flot fan medusa de wrâld ús rêdde bêd
in stêd fier yn 't lemieren hwezynt yn ekstase in fanke
hat fan nacht en klean ûntdocht brún as bôle yn 'e moarn

ôfstân

foar lieuwe hornstia

ôfstân sketst dizze kwetsbere krûte
linen traech troch mokken krûme
tiden trekke tearen fan traagyk
fleantúch penne pinneskrassend blau
en wyn in warskôging foar winter
krûmwaeide beam it bizjochte sicht
fan bloed en geast bitoune romte
efter eagen fol fan de earste sé
it rûzjend geroft fan fier forgliden
oer hwat skonken is en ynklonken

ôfstân skepper fan de broaze neite
tusken de bonkige bidriuwen troch
is âlderdom ôfstân fan doe net
en alwer net bizoun yn net witten
it skeppen fan hwat bigrepen sil

ôfstân metten fan derten mokken
yn it each dat waeit skandalen ta
~ nimmend yn tal yn tael yntyft
minsken flein yn flechten fan forlies
wyn in warskôging foar de fal
ûnstij ûnstysk ûnleauwich ûnk
krûmtocht krústocht gal god ta
~ winskjend gjin genede foar it gat
dat gappet en byt tusken de bidriuwen
troch âlderdom ta in kâld hwerom

nijemardum hjerstmooanhe 1978

ynhâld	
in memoriam in arbeider	5
yn it teken fan de tiid stien	7
spattend - tusken britswert en wiuwert -	9
oerqong	11
dei	13
ezelsnein 1976 (de moanne hast foar fol oansjoen)	17
sawonris om in sintrum hinne	21
ljocht út en troch (fochelle fan de dagen fan augustus)	39
twa spul lyk nei in kuwa	43
blinde fynsten	47
hjerst (in suterich kredo)	51
biktrompenheit	55
skimerzkuorre	57
syklopyisk lânskip (alle eagen op foar in bihyptlik aventûr mei in leech lânskip)	59
de tânne fan de metro-poal (de selskant)	63
yn 'e bisnijing fan 'e djipste tusken ljocht en ljocht	65
ôfstân	73

isbn 906570107-9